


== UT FOARFAERS TIDEN ==

Bydrage ta de skiednis fen Minnertsgea.

I.



Op 'e tocht fen Egypte nei Kanaän waard it Israël ynkerpe alles hwet der barde yn it ûnthâld fêst to setten, om as den ietter de soan oan de heit freegje scoe: „Hwet is dat?” dy text en útlech dwaen koe. Sa libbe de histoarje foart fen slachte op slachte en waard mei de âld-histoaryske skiedskriuwing op klaeitafel en papyrusrol hjar skiednis fêstlein.

Is it wûnder dat der ek by ús Frysk folk in djipgeand langstme is nei it witten fen nwet der mei ús foarfaers bard is, en in yngeand oanfiterjen west hat en yette is om oan de neiteam by to bringen hwet der yn de rin fen de iuwen ús folk wearfearn is?

„Us folk”. Hwent for ús is it net in frage oft der in „frysk folk, ûnderskaet fen oare folken”, bistiet.

Ek Fryslân hat syn oerlevering fen âlder op bern, syn klaeitafels, syn perkaminten, syn oarkinden, syn skiedskriuwing.

In allerlokkichst forskynsel is it det der yn ús tiden sa'n greaten niget is for det alles, en det lêste hat my moed jown om op in lytse ikker fen det wide fjild hwet ienfâldich wirk to dwaen.

Dy ikker is „Minnertsgea”. It eastlike doarp fen de gritenij Barradiel, mei hwaens doarpen en gehuchten wy mei safolle bânne en tinzen forboun binne. Dêr is birêi gjin dyk of paed, of dêr stean ús foetleasten. Dêr hadde wy sleatsjeljept oan it Sibedykje, forlosboarte om de W(V)ikkerij, tipele en keatst by it tsjerkhôfstek, knikt op 'e pleinen, pylk- en bôgesketten yn it fjild, hofkesongen om hús en hear, omstrúnd yn hoeken en hernen, en ek namkerêdt by de kachel. Letter, yn it „agrarysk haedstik” fen ús libben, hadde in great tal gewinten lân in plak yn ús ûnthâld krigen.

Mei ik yette efkes tobek nei it sleatsjespringen? Ik hab it wol sjcen, mannich sleatsje is nou droech, grêften binne sleatten warden en sleatten grippels. Lykwols sleatten binne der yette genôch oerbleaun. En hadde de bern yette hjar gymnastyk dêr? Op skoalle wier det dodestiids „contraband”, gjin jild en gjin tiid tink ik, mar wy rêdden ús der bêst bûten. Gymnastyk..., né... akrobatyk wier it derby. Bûkelje, stirtsjebrekke, radbrake, wettersline, stilstân en mei de boereplof. It sleatsje wier earst mar smel, dêr wier de earste sportklasse, en wier it yette to wiid, den waard der in „paedtsje” yn makke, hwerfen dat mei gjin namme hadde. Fierderop, op it wiidst, dêr wierne de masters. Mar mei droege sokken kaem net ien thús.

En as wy fierder dwaelden, mei de pols op it skouder, den seach de boer fen „Haitsmastate” ús al kommen, en kaem hy mar efkes de finne út mei de âld Houn, dan wiisde ús kompas in oare wei út.

Wolkomme gasten wiernen wy net faek. Ek de boer fen „Great, Hermana” hie ús yn 'e gaten. As wy yn de fierste grêft snoekestrûpten, den dûrre it ornaris net malle lang of hy hie ús yn it fezier. Mar hwet koenen dêr bazen lizze yn de kleare plakjes twisken de pompeblêdden. De swarte ringen om de griene rêgen, ik sjuch se yette lizzen mei de gleone kraeleagen, stoarjend sûnder doel, sa't it like alteast.

